
SKRIFTLIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

| | | |
|--|---|---|
| Fan | : | <i>Geartsje Horjus-Vos</i> <i>ChristenUnie, SWF</i> |
| Datum fan yntsjinjen | : | 29 maart 2021 |
| Oan (kar) | : | <input type="checkbox"/> It kolleezje fan boargemaster en wethâlders <input type="checkbox"/> De boargemaster |
| Underwerp | : | Gniisgas |
| Wize fan beântwurding | : | Skriftlik (binnen 30 dagen) |
| Datum tuskentiidsk antwurd <i>(as it fan tapassing is)</i> | : | |
| Datum beântwurding | : | |

Taljochting:

De ChristenUnie hat yn oktober 2019 yn gearwurking mei de FNP, Fraksje De Wind en fraksje Poiesz-Zijlstra in moasje yntsjinne oer 'gniisgas' dy't doe net oannommen is. Dochs wolle wy op 'e nij oandacht freegje foar 'gniisgas' (lachgas).

Op dit stuit hat in grutte mearderheid fan alle Nederlânske gemeenten op eigen manneboet in ferbod op gniisgas ynfierd.

In lanlik ferbod, dat eins begjin dit jier yngean soe, duorret wat langer op it ynfieren derfan. Dêrtroch sjogge in protte gemeenten harren twongen om sels in ferbod yn te stellen fia de Algemeene Pleatslike Feroardering. It giet om 184 gemeenten dy't dat al dien hawwe.

- 106 gemeenten ferbiede it gniisgas binnen beskate gebieten. Yn oare gebieten yn 'e gemeenten jildt it ferbod as der oerlêst is.
- 67 gemeenten brûke it ferbod allinne as der oerlêst is.
- De oare alve gemeenten ferbiede it gebrûk fan gniisgas yn 'e hiele gemeente. Dêr heart Ljouwert ek by, sûnt 4 maart fan dit jier.

Dêrom wolle we graach de folgjende fragen stelle:

It kolleezje/de boargemaster* wurdt fersocht de folgjende fraach/fragen* te beântwurdzjen (*kar meitsje):

| | |
|----|---|
| 1. | <p>1. Is it kolleezje it mei ús iens dat de folkssûnens, de ferkearsfeilichheid en de iepenbiere romte soarchlik binne yn relaasje mei 'lachgas'?</p> |
| | <p><u>Antwurd:</u> Ja.</p> |
| 2. | <p>2. Is it kolleezje ree om him te ferdjipjen yn 'e mooglikheid dy't it VNG oanbiedt om in ferbod yn</p> |

| | |
|--|---|
| | te stellen? |
| | <u>Antwurd:</u> Ja. It kolleezje riedt op it stuit in wiziging fan 'e APV ta. De útstellen yn 'e ledebrief fan 'e VNG fan 14 july 2020, mei ûnder oaren it taheakjen fan it gniisgasferbod (kêst 2:48a), wurde dêr yn meinommen. |
| | 3. As dat sa is, wannear kin de ried dat foarstel dan temjitte sjen? As it net sa is, wêrom net? |
| | <u>Antwurd:</u> 3 juny 2021 |

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):